# PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK
1 septimber 2015

# Knokke
Fryslân DOK op snein 13 septimber

**Yn de Fryslân DOK 'Knokke' folget programmamakker Janko Krist twa kickboksers in pear moannen lang. It binne Tom de Smet (19) fan Ljouwert en Partick 'Peye' Veenstra (28) fan De Westereen. Harren coach Stefan Berkenpas spilet in grutte rol yn it libben fan de beide mannen.**

Rjochtestudint Tom is ien fan de grutste kickbokstalinten fan Nederlân en dus ek fan de wrâld, want Nederlanners binne geweldige kickboksers. Hy kombinearret syn stúdzje mei de sport. In technyske fjochter dy't it ek yn de ring hawwe moat fan syn yntelliginsje.

Patrick bruts syn foet by in gefjocht. By him folget Janko it revalidaasjetrajekt. Mentaal is Patrick oersterk, want de measte minsken wiene ophâlden nei sa'n blessuere. Ek sette sponsors him ûnder druk: hy moat yn in spannend gefjocht prestearje om syn karrière te behâlden.

De coach fan de boksers, Stefan Berkenpas, is miskien wol de bêste kickbokscoach fan de wrâld. Hy hat in sportskoalle yn Ljouwert: Mejiro Gym. Grutte fjochters út Amearika komme nei Ljouwert om troch him traind te wurden. Dêrneist fljocht hy de hiele wrâld oer om boksers te begelieden by wedstriden.

Fan de dokumintêre 'Knokke' wurde twa ferskillende ferzjes útstjoerd. Foar 20.00 oere is in oanpaste ferzje te besjen dy't geskikt is foar alle leeftiden. Nei 20.00 oere wurdt de orizjinele ferzje útstjoerd.

<u>Fryslân DOK: Knokke</u>
Snein 13 septimber om 17.00 oere en dêrnei fan 18.10 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Televyzje. Ek te sjen op sneon 12 septimber om 15.35 oere en snein 13 septimber om 12.25 oere op NPO 2.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

## PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK
1 septimber 2015

# Knokke
Fryslân DOK op zondag 13 september

**In de Fryslân DOK 'Knokke' volgt programmamaker Janko Krist twee kickboksers een aantal maanden lang. Het zijn Tom de Smet (19) uit Leeuwarden en Patrick 'Peye' Veenstra (28) uit Zwaagwesteinde. Hun coach Stefan Berkenpas speelt een grote rol in het leven van de beide mannen.**

Rechtenstudent Tom is één van de grootste kickbokstalenten van Nederland en dus ook van de wereld, want Nederlanders zijn geweldige kickboksers. Hij combineert zijn studie met de sport. Een technische vechter die het ook in de ring moet hebben van zijn intelligentie.

Patrick brak zijn voet bij een gevecht. Bij hem volgt Janko het revalidatietraject. Mentaal is Patrick oersterk, want de meeste mensen zouden ophouden na zo'n blessure. Ook zetten sponsors hem onder druk: hij moet in een spannend gevecht presteren om zijn carrière te behouden.

De coach van de boksers, Stefan Berkenpas, is misschien wel de beste kickbokscoach van de wereld. Hij heeft een sportschool in Leeuwarden: Mejiro Gym. Grote vechters uit Amerika komen naar Leeuwarden om door hem getraind te worden. Daarnaast vliegt hij de hele wereld over om boksers te begeleiden bij wedstrijden.

Van de documentaire 'Knokke' worden twee verschillende versies uitgezonden. Voor 20.00 uur is een milde versie te bekijken die geschikt is voor alle leeftijden. Na 20.00 uur wordt de originele versie uitgezonden.

Fryslân DOK: Knokke (Knokken)
Zondag 13 september om 17.00 uur en daarna vanaf 18.10 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 12 september om 15.35 uur en zondag 13 september om 12.25 uur op NPO 2.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.